

Fanôf no is't libben fan my
Foar de tiid dy't ik krige op'e ierde
En myn langstme hat my hjir brocht
Wat ik miste en wat ik krige

Dochs is dit de wei dy't ik keas
Myn fertrouwen grutter as wurden
Dat liet my in lyts stikje sjen
Fan'e himel dy't ik nea fûn

Ik wol fiele dat ik libje
Alle tiid dy't ik ha
Sil ik libje eltse dei
Ik wol fiele dat ik libje
Witte dat ik wêze mei

Ik koe mysels altyd wol ferstean
Dy gedachten liet ik mar sliepe
'k hie miskien wol gjin oare kar
As de krêft om te bestean

Ik wol libje lokkich wêze wa't ik bin
As in sterke frije minsk
No't de dei riist út de nacht
Hjir bin ik en myn libben is fan my
En de himel dy't ik nea fûn
Is my no yn it libben jûn

Ik wol fiele dat ik libje mei

Gabriellas Song

uit de film: As it is in heaven

VVV lied 10